

Oan: de *Fryske Akademy* en de *Provinsje Fryslân*

Drachten, 14 sept. 2020

*Ûnderwerp*: yntegraasje fan ‘Mei freonlike groetnis, skriuwizzer Frysk’ op it *Taalweb Frysk*

Achte direksje, meiwurkers en ried fan tafersjoch fan de Fryske Akademy,  
achte leden fan Deputearre en Provinsjale Steaten fan Fryslân,

Yn de *LC* fan 9 sept. 2020 (s. 27) stie in stikje oer *taalweb.frl*. Dat sil ‘oanpast wurde oan dizze tiid’ (dep. S. Poepjes). Dêr stiet aardich wat op dat web, mar in echte skriuwizzer mei stekwurden en foarbylden mist noch. In tige wichtich boekje op dat mêd is troch Rienk de Haan gearstald en yn 1995 troch it *Taalburo Fryske Akademy* publisearre ûnder de titel ‘*Mei freonlike groetnis. Skriuwizzer mei stekwurden en foarbylden*’. Yn dat boekje, dat al lang net mear te krijen is, wurde hiel wat taalfragen beändere op it mêd fan sinbou, wurdkar, ynterpunksje, lêsbereens en styl dy’t yn it fyftjinierrich bestean fan it taalburo ynkommen wienen. It bestiet út in *alfabetysk* en in *brievepart* en jout treflik omtinken oan faak makke flaters en skriuwproblemen yn it Frysk. It brievepart bestiet út in espel foarbylden fan ‘saaklike en priveekorrespondinsje’. It stribbet itselde nei as wat de ûnmisbere ‘Schrijfwijzer’ fan Jan Renkema docht foar it Hollânsk.

‘Mei freonlike groetnis’ wie en is foar it goed skriuwe kinnen fan it Frysk likegoed in ûnmisber neislachboekje en learmiddel (bgl. foar myn eardere kursisten foar it Afûk-ûnderwiisfoech). Ik haw dêr yn 1996 in tige wurdearjende resinsje oer skreaun foar *It Beaken* (<http://www.ffu-frl.eu/PDF/Meifreonl.groetnis.1996.pdf>) en dêryn ek noch suggestjes dien foar ferbettering.

De lêste fiif jier haw ik de *Fryske Akademy* (direksje en guon meiwurkers) by ûnderskate gelegenheden mûnling en skriftlik frege om dat boekje *by de tiid te bringen* (bgl. op it mêd fan de stavering en wat oare saken), te *digitalisearjen* en te *yntegrearjen* yn en op it *Taalweb*. De reaksjes wienen allegearre posityf, mar it siet neffens dr. Hans Van de Velde (projektlieder Taalkunde FA; e-post d.d. 19-01-2018) benammen fêst op de finânsjes.

It feit dat it provinsjale taalbelied derop rjochte is dat de Friezen harren eigen taal ek *goed* leare te *skriuwen* en dat der no jild beskikber steld wurdt (€ 170.000) om *taalweb.frl* de kommende fiif jier út te bouwen en te ûnderhâlden, jout my oanlieding om myn fersyk jitrisk yn it sin te bringen, mei de wisk dat it nó wol ‘oppakt’ wurde kin en sil. Ik soe fan de kant fan de polityk/it belied (Provinsje) en de wittenskip (FA) graach fernimme wat de mooglikheden binne.

Mei rju achtginge en freonlike groetnisse,

*drs. Sytze T. Hiemstra*,  
âld-Afûk-foarsitter, Afûk-lesjouwer en korrektor Frysk & Hollânsk,  
âld-skriuwer fan de *Ried fan de Fryske Beweging*,  
skriuwer *Feriening Frysk Underwiis* (FFU),  
foarsitter stifting ‘Sis Tsiis’

Adres: Gerben Sondermanstrjitte 29

9203 PT DRACHTEN

0512-518927

[sthienstra@gmail.com](mailto:sthienstra@gmail.com) en [ffupost@hotmail.com](mailto:ffupost@hotmail.com)